

# Op syk nei Bote Bruinsma

*By de gearstalling fan it jubileumboek fan de PC ha ik my op de eftergrûn wat dwaande hâlden mei it sammeljen fan ynformaasje oer de bestjoersleden. De persoan dy't my it meast yntrigearre, wie de earste foarsitter fan de PC, Bote Gosses Bruinsma. Hoe koe it bygelyks dat hy, dy't op de maatskiplike ljedder wat leger stie as de oare bestjoersleden, dochts fan 1853 oant syn dea yn 1880 as foarsitter fungearre? En watfoar man wie it? Wie hy of ien fan syn soannen ek in (goeie) keatser? En wêr is syn neiteam bedarre? Hoewol't it my yn 2002/2003 slagge om in grut oantal gegevens boppe wetter te heljen, bleau ik mei in protte fragen sitten. Ferfolchûndersyk hat dy noch lang net al allegearre beäntwurde, mar dochts bin ik by steat om oer boppesteande fragen wat mear dúdlikens te jaan.*



Kadastrale kaart fan Tsjom út 1832. De pylk wiist nei it skoalmastershûs dêr't PC-foarsitter Bruinsma berne is. (Ofbylding: [www.hisgjs.nl](http://www.hisgjs.nl))

## Ofkomst

De âlden fan de earste PC-foarsitter wiene Gosse Botes Bruinsma en Antje Justus Gerkaama.<sup>1</sup> Hja trouden op 6 maaie 1804 yn Hylpen.<sup>2</sup> Antje kaam fan Tsjom en dêr sette it jonge pear him nei wenjen. Gosse koe dêr – mooglik troch bemiddeling fan syn skoanfamylje<sup>3</sup> – skoalmaster en organist wurde. Oer syn feardichheden as skoalmaster krije wy in goed byld om't der fan 1835 oant syn dea yn 1847 hast alle jierren in skoalrapportazje fan opmakke is. Yn in ferslach

fan de “schoolopziener” út 1835 wurdt skreaun: “de onderwijzer Gosse Botes Bruinsma, bezittende den 3den rang, is goed van gedrag, niet onkundig, maar reeds opgeleid in deze post in 1798, toen er minder hulpmiddelen bestonden, en schijnt of van dezelve naderhand te weinig gebruik gemaakt te hebben, of voor het praktisch onderwijs geenen aanleg te hebben, althans het onderwijs is aldaar zoo weinig verstandig en doelmatig ingerigt dat ik het nergens minder in dit district gevonden heb.”<sup>4</sup> Dochts krige er ek wolris in plûmke want yn 1842 skriuwt dyselde skoalynspekteur: “Uit eigen beweging heeft de onderwijzer Gosse Botes Bruinsma de werkzaamheden zodanig geregeld dat de verschillende klassen en onderafdelingen beurtelings door hem en door zijn ondermeester onderwezen worden hetgeen uitmuntende resultaten heeft opgeleverd.”<sup>5</sup>

Op 11 septimber 1805 wie it feest by Gosse en Antje yn Tsjom. Der wie in stamhâlder berne, dy't de namme fan syn pake Bote meikrige.<sup>6</sup> Ald soe it jonkje net wurde. Al op 9 july 1806 kaam er te ferstjerren.<sup>7</sup> Hast in jier letter op 11 juny 1807, waard dochter Antje berne.<sup>8</sup> Op 4 desimber 1809 waard der in twadde jonkje

berne, dat ek Bote neamd waard.<sup>9</sup> Dy Bote bleau yn libben en soe yn 1853 de earste foarsitter fan de PC wurde. Op 14 febrewaris 1812 krigen Antje en Bote noch in suske, dat de namme fan Sybrig krige.<sup>10</sup> Hja soe mar goed achttjin jier âld wurde.<sup>11</sup>

Oer de jeugd fan de lytse Bote yn Tsjom witte wy eins neat. It sil fêst sa wêze dat er fan syn heit skriuwen, lêzen en rekkenjen leard hat. Dat wiene ek al yn de 19de ieu basiseasken om foarút te kommen yn de maatskippij. Mooglik hat er thús ek in hurde opfieding hân, want syn heit wie in man fan oarder en tucht. Yn 1843 skriuwt de schoolopziener: “De onderwijzer Gosse Botes Bruinsma is wel niet zeer zacht in zijnen omgang met de kinderen en in zijne leer methode niet zoo met den tijd vooruitgegaan als hij had kunnen en behooren te doen, doch hij is een man van stipte orde en nauwgezetheid en daardoor zeer geschikt om een goede schooltucht te onderhouden.”<sup>12</sup> Earmoed hat der net west. Hja hiene mei trije bern in lyts gesin en Tsjom betelle fan alle legere skoallen yn Frjentsjerteradiel it heechste lean oan syn skoalmaster. Gosse hie yn 1811 in traktemint fan f 350,—, dat oanfolle waard mei skoaljild foar de bern, kostersfergoe-

ding en frij wenjen oant in totaal bedrach fan f 480,—. Boppedat wie er ek noch ûntfanger fan in twatal gemeentlike belêstings, dat meiïnoar ek f 90,— opsmiet.<sup>13</sup> Sa'n ynkommen wie foar de measte skoalmasters net weilein.

### **Bote G. Bruinsma priiskeatser?**

Bote troude op 28 april 1831 yn Harns mei Antje Johannes Alkama.<sup>14</sup> Hy wie dêr doe bakkersfeint. In jier letter is er bakker yn Wytmarsum. Dêr wurde syn soannen Gosse (1832) en Johannes (1833) berne.<sup>15</sup> By de berte fan Pier yn 1836 wennet er as bakker yn syn bertedoarp Tsjom. Dêr bliuwt er oant 1847. Yn de tusken-tiid wurdt Gerbrig berne yn 1838, Yme yn 1842, Antje yn 1845 en Sikke yn 1847.<sup>16</sup> Dy lêste ferstjert op 12 maart 1848 yn Frjentsjer.<sup>17</sup> Goed trije moanne dêrfoar, op âldjiersdei 1847, wie Bote syn heit ferstoarn.<sup>18</sup> Yn it tsjerkeboek fan Tsjom stiet: "De oude koster en schoolmeester Gosse Botes Bruinsma is den vorigen nacht Christelijk ontslapen."<sup>19</sup> Yn 1850 wurdt der yn Frjentsjer noch in Sikko berne, dy't twa moanne letter ferstjert.<sup>20</sup>

Soe Bote sels ek keatst ha? Hy groeide op yn in gebiet dêr't yn elts gefal in protte keatst waard. It kasteleinskeatsen moat, sa blykt út de krante-advertinsjes fan dy tiid, ek yn Tsjom in grutte bekendheid hân ha. Elk doarp yn de omkriten hie mei de merke syn tradisjonele keatspartij. Doe't er yn 1833 bakker waard yn Wytmarsum, kaam er te wenjen yn it sintrum fan de Lytse Bouhoeke. Dêr waard folop keatst. Kamen yn de earste 25 jier fan de PC net de measte priiswinners út dy streek?<sup>21</sup> En wie ús Bote yn syn jonge jierren mooglik sels ek in (priis)keatser? Pieter Breuker komt mei dy hypoteze yn it jubileum-

boek fan de PC.<sup>22</sup> In definityf bewiis foar dy hypoteze sil wol nea fûn wurde, mar dochs kin ik der wol in ein yn meigean en mei in pear arguminten fersterkje. In protte keatsferienings



Yn Frjentsjer is Bote net langer bakker. Hy stiet dan yn de belêstingkohieren fermeld as nôtmoolder en wennet op de Molepôle. Fan dêrôf hie er in prachtich sicht op het "Oud Kaatsveld", it plak dêr't yn de earste jierren de PC hâlden is. Fan PC-foarsitter Bruinsma sels is gjin inkelde foto bekend.

binne al by de oprjochting om 1900 hinne neamd nei doe noch libbene keatsmatsjedoaren.<sup>23</sup> Libbene keatshelden hiene oansjen. Mooglik is syn eventuele keatsrom in ferklearring foar it feit dat Bote G. Bruinsma yn it earste bestjoer de funksje fan foarsitter krige. In man mei oansjen oan it roer fan it skip liket hast wol op modern PR-belied. Ek de tredde foarsitter fan de PC, Rients Koopmans, hie in grut ferline as keatser. (Trije kear PC-winst)<sup>24</sup> Mar dêr kin tsjinyn brocht wurde dat oare foarsitters as Jan Bogtstra en letter Klaas Bijlsma dat net hiene. Mar dochs. Opmerklik is ek syn beneaming as diaken by

de Herfoarme Tsjerke fan Frjentsjer.<sup>25</sup> As er yn 1848 ferhuzet fan Tsjom nei Frjentsjer, wurdt er datselde jier al yn dy funksje beneamd. Ek syn lidmaatskip fan de skutterij yn Tsjom wurdt

daliks yn Frjentsjer fuortset.<sup>26</sup> Giene ek dêr syn rom en oansjen op de keatsfjilden him al foarút?

### **Keatsend neiteam?**

Hjirboppe ha ik al it ien en oar sein oer mooglike keatsprestaasjes fan Bote Gosses Bruinsma. Mar streamde der no ek keatsersbloed troch de ieren fan syn bern? In heit dy't frijwat belutsen is by de keatsery, sil alle war dwaan om fan syn bern priiskeatsers te meitsjen. It hat der alle skyn fan dat Bote soks net slagge is. Fan syn acht bern waarden de trije jongste jonges net âld en dochter Gerbrig ferstoar as frijfaam doe 't se 22



De Amerikaanske famylje Bruinsma, heit en bern. Boppeste rige f.l.n.r. Albertus (Bert) , Sybrand (Sam), Leendert (Lane), Reynold. Underste rige f.l.n.r. Jeltsje (Elsie), Dick (Dirk), Bote (Bert), Lena (Melanie).

jier wie. Fan keatsprestaasjes fan de trije âldste jonges, Gosse, Johannes en Pier, ha ik neat fine kinnen. Op de listen fan de PC komme hja yn elts gefal net foar.<sup>27</sup> Ek David, in soan fan Bote syn dochter Antje, dy't mei in Noordhoff troude, wie gjin priiskeatser. Der ha yn de earste 30 jier fan de PC wol ûnderskate Bruinsma's op de PC-list stien, mar foar safier't ik dat neisocht ha, is dat gjin direkte famylje.

Mar dochs siet der keatsersbloed yn de genen. Syn soan Johannes, dy't earst bakker wie yn Minnertsgea, ferhuze yn 1880 nei St. Anne. Ek dêr wie er bakker en hij wenne ûnder oaren op twa plakken yn de Van Harenstraat. De hûzen steane der noch, it binne de hjoeddeistige nûmers 7 en 10.<sup>28</sup> Johannes stie yn de fuotstap-

pen fan syn heit doe't er yn 1892 mei-oprjochter wie fan keatsferiening St. Annaparochy. It hat der alle skyn fan dat Johannes krekt as syn heit it wurd wol dwaan koe en dêrom keazen waard as earste foarsitter. Yn de oantekens fan k.f. St. Anne lêze wy: "De toespraak van de voorzitter viel wel in de smaak, ieder had schik in deze woorden die op het friesch werden gesproken."<sup>29</sup> Ek fan Johannes syn heit wurdt sein dat er it Frysk brûkte yn syn iepenbiere taspraken op de PC. Soks is foar dat tiidrek bysûnder. Johannes Bruinsma hat yn St. Anne foarsitter west oant 1896. Hy is op 9 maaie fan dat jier ferhuze nei Ljouwert. Dêr is er ferstoarn op 10 oktober 1916.<sup>30</sup> Syn dochter Ida troude letter mei Jan Schat. Neiteam fan Ida en Jan wurdt gauris neamd yn de oantekens fan keatsferiening

St. Anne. Harren twadde soan, Johannes Bote Gosse Schat, soe yn 1916 mei Y. Schuitmaker en R. Kuiken foar St. Anne de Freulepartij winne.

Yn 1949 dichtet J.B.G. Schat:

"Ik bin nou dan kommen bij 't jaar 1918,  
En de voorzitter het saait, het mot er bij,  
Dat jim doe de gouden horloges wonnen in  
Wommels,  
Dat waar dan deur Ype Schuitmaker, Rinze  
Kuiken en mij."<sup>31</sup>

### **Dochs in keatsende Bote Gosses Bruinsma**

Wol organisaasjentalint dus, mar sawol fan PC-foarsitter Bruinsma as fan syn soannen gjin feitlike bewizen fan keatsprestaasjes. Fan Bote, de ienige soan fan Johannes Bruinsma<sup>32</sup>, hawwe wy wol feitlike bewizen. Bote fan Johannes stiet op de PC-listen fan 1888 en 1889.<sup>33</sup> Yn 1888 wernet er as bakkersfeint by syn heit yn St. Anne. Hy komt dan út op de PC mei K. Andringa fan St. Jabik en Daam Bakker fan Bitgum. Daam Bakker wie blykber in goeie maat, want dy hie yn 1886 alris de twadde priis wûn op de PC.<sup>34</sup> Mar hja winne op de PC fan 1888 gjin priis. Dat slagget Bote in jier letter al. Hy is dan bakkersfeint by Gerrit Terpstra yn Marsum<sup>35</sup> en hat foar de PC steld mei Cornelis Baukes Van der Weg fan Tsjummearum en Johannes F. Wierdsma fan Dronryp. Hja winne dat jier de twadde priis.<sup>36</sup> Bote moat in knappe keatser west ha. Yn it jubileumboek fan k.f. St. Anne blykt dat er yn 1886 alris mei Daam Bakker en J.D. Kuiken de twadde priis wûn hie yn eigen doarp. Yn 1887 herhellet er dat mei G. Tulner en "balkeerder" IJ. de Vries. Yn de finale fan de PC ferlearen hja fan Lammer Scheltes Hilarides, Wiebren Tjeerds Kooistra en Meindert Geerts Kooistra. Bote wie doe noch mar 22 jier en hie alle kâns om

syn keatskarriêre mear glâns te jaan. Mar dat is der net fan kommen. Op snein 4 augustus - trije dagen nei syn twadde priis op de PC - wint er yn St. Anne mei Jan Osinga en H. Oreel syn lêste keatspriis. Want by de start fan it nije seizoen is er net mear yn Fryslân. Op 8 maaie 1890 is er nei Amearika ta emigrearre.<sup>37</sup>

### Neiteam yn Amearika en Nederlân.

Bote gie allinnich nei "It lân fan dream en winsken", syn susters en âlden bleaune yn St. Anne. Mei help fan it ynternet en in reewillige behearster fan in tsjerkhôf yn Iowa ha ik syn grêf en neiteam opspoare kinnen.<sup>38</sup> Hja hat my ek yn kontakt brocht mei noch libbene bernsbarn fan Bote en Tjerkje. In protte ynformaasje oer noch libbene Bruinsma's waard my fia de e-mail trochstjoerd. Harren pake Bote troude yn 1894 yn Orange City (Iowa) mei Tjerkje de Groot, dy't berne wie yn Arum. Hy hat syn hiele libben buorke yn de omkriten fan Sioux Center yn Iowa. Bote ferstoar yn 1951 en liet sân soannen nei, twa dochters, njoggenentritich bernsbarn en ienentweintich efterbernsbern. Bote feroare syn namme yn Bert, en joech syn bern Amerikaanske nammen mei in Hollânsk/Fryske ynfloed. Sa waard Dirk feroare yn Dick, Leendert waard Lane, Sijbrand waard Sam, Elske waard Elsie. Ut it kontakt dat ik mei it Amerikaanske neiteam ha, blykt dat dy net safolle witte fan it keatsferline fan har Fryske foarfaars. Ien fan de bernsbarn wist wol: "that grandpa talked about being in a winning team of handball in The Netherlands. And that he had been given a small leather ball that you could wrap your thumb and index finger around." Soks is dochs wol bysûnder en jout op syn minst it fermoeden dat Bote in keatsbal meinommen hat nei Amearika.

# KAATSPARTIJ TE FRANEKER,

op Woensdag 31 Juli 1889.

1889.  
3.

Opgelûsterd door de Muzik van het 1e Regiment Infanterie,

onder Directie van den Kapelmeester STOETZ.

Na afloop der Kaatspartij Prijsuitdeeling in „de Koorbeurs” en Soirée Musicale door genoemd Muziekkorps.

Bewijzen van toegang voor de Soirée verkrijgbaar aan 't Bureau bij 't Kaatssterrein à 50 Cts.

Het laagste nummer (rood) heeft den Opslag.

De Kaatsers zullen door tromgeroffel gewaarschuwd worden.

Nos.	NAMEN EN WOONPLAATSEN.	Nos.	NAMEN EN WOONPLAATSEN.
1	Dirk Dijkstra, <i>Minnertsgr.</i> Anne Wassenaar, <i>St. Jacobi Par.</i> Ule Kooistra, <i>Harlingen.</i>	2	L. S. Hilarides, <i>Pingjum.</i> W. Kooistra, <i>Dokkum.</i> M. Kooistra, <i>Harlingen.</i>
3	Jan A. Osinga, <i>St. Jacobi Par.</i> Sijbren Kooistra, <i>Harlingen.</i> Gerrit Bouma, <i>Pietersbierum.</i>	4	J. K. Wassenaar, <i>St. Jacobi Par.</i> Daan Bakker, <i>Beetjum.</i> A. Andringa, <i>Berlikum.</i>
5	Gerrit Visser, <i>Berlikum.</i> A. J. de Vries, " Jan G. Post, <i>St. Jacobi Par.</i>	6	Petrus Knol, <i>Seabierum.</i> Pieter de Jong, " Ruurd Bonsma, "
7	T. H. Kloosterman, <i>Metslawier.</i> J. Sevenster, <i>Nes (Westd.)</i> L. Sevenster, <i>Nes (Westd.)</i>	8	Meinderd Kooistra, <i>Dokkum.</i> Hessel Bierema, <i>St. Jacobi Par.</i> Sjerp Douma, <i>Dronrijp.</i>
9	Simon Mooi, <i>Seabierum.</i> Hendrik Mollema, " Steffen Gerbrandij, "	10	P. Blanksma, <i>Witmarsum.</i> S. Westra, <i>Arum.</i> K. Faber, <i>Schingen.</i>
11	C. van der Weg, <i>Tzummarum.</i> Joh. Wierdsma, <i>Dronrijp.</i> Bote Bruinsma, <i>Marssum.</i>	12	J. Winselaar, <i>Berlikum.</i> T. Doekenburg, " K. Schiphof, "
13	Auke Miedema, <i>Zweins.</i> Klaas Boersma, " Joh. Anema, <i>Schingen.</i>	14	L. Boersma, <i>Arum.</i> R. Boersma, " H. G. Elsinga, <i>Holwerd.</i>
15	Foppe de Vries, <i>Ried.</i> Auke Hoefstra, " Willem Vermeer, "		

PC-list fan 1889. Yn partoer 11 Bote Bruinsma.

De ynteresse yn de “Frisian roots” is grut en se wiene ferrast troch de PC-listen op de ynternet-side [www.pc-franeker.nl](http://www.pc-franeker.nl) De fideobylden op dy webside diene harren tinken oan in soarte fan “baseball-game”. Eins net iens sa’n gekke fergeliking mei “hardhitter” Chris Wassenaar “op de heuvel”. Pake Bote rekke yn Amearika syn leafde foar balspullen net kwyt. Hy mocht graach nei baseball en basketball sjen en syn bern wiene ridlik sportyf. Ek it organisaasjetalint bleau yn de genen. In soan fan Bote wie ien fan de oprjochters fan de Northwest Baseball League en bestjoerslid fan de Iowa State Baseball Commission.

By myn doaltochten op it ynternet kaam ik ek op it spoar fan in noch libbene Gosse Botes Bruinsma. Hy is berne yn Canada, mar wennet troch wurk en oare omstannichheden no wer yn Nederlân. Hy is in ôfstammeling fan Gosse, de âldste soan fan Bote G. Bruinsma en Antsje Gerkama. Dy âldste soan wie arts yn Arum en it is opmerklik dat al syn neisieten medisinen studearre ha en wurksum binne yn de medyske wrâld. Ek yn dy tûke fan de famylje wie neat bekend oer it keatsen, lit stean oer harren relaasje mei de PC. Mooglik kin Van der Meij harren yn de takomst nochris in kear it wolkom taroppe.

Theo Kuipers

Mei tank oan Sjoeke Nicolai, Gemeenteargyf Menameradiel en Douwe Swart, Gemeenteargyf It Bilt. Itselde jildt foar myn digitale ynformanten Lon James Bruinsma, Wayne vander Wal, Gerald Wissink, Wilma vanden Berg en Gosse Botes Bruinsma. Sûnder harren ynformaasje hie dit ûndersyk net safolle nije ynsichten opsmiten.

#### Boarnen en noaten

1. De âlders fan Gosse Botes Bruinsma binne Bote Gosses en Sybrig Piers, dy’t boasken op 29 maaie 1774 yn Dedzjum. Antje Justus Gerkama har patronym komt ek foar as Joostes en har famyljenamme as Gercama en Gerkema. Geertje, in suster fan Gosse, troude yn 1810 te Easthim mei Sikke Justus Gerkama, in broer fan Antje.
2. Gosse is berne op 5 jannewaris 1783 op Schuilenburg ûnder Molkwar. Tresoar, DTB 378.
3. Sikke Justus Gerkama wie krekt as syn sweager Gosse Bruinsma skoalmaster en organist.
4. Tresoar. Argyf fan de Provinsjale Kommisje fan Underwiis. Ynventaris. nr. 48.
5. Idem Ynventaris. nr. 52.
6. Doop- Trou- en Begraffenisboek 287b. Oanwêzich op de stúdzjeseal fan Tresoar.
7. DTB 285.
8. DTB 287b.
9. Idem.
10. Boargerlike Stân Frjentsjerteradiel. Geboarten 1812.
11. Boargerlike Stân Frjentsjerteradiel. Ferstjerren 1830.
12. Argyf fan de Provinsjale Kommisje fan Underwiis. Ynventaris. nr. 53.
13. Argyf fan de Provinsjale Kommisje fan Underwiis. Ynventaris. nr. 60 b.
14. Antje Johannes Alkama har famyljenamme wurdt ek skreaun as Alkema en Aukema. Boargerlike Stân Harns. Houliken 1831.
15. Boargerlike Stân Wûnzeradiel. Geboarten 1832 en 1833.
16. Boargerlike Stân Frjentsjerteradiel. Geboarten 1836, 1838, 1842, 1845 en 1847.
17. Boargerlike Stân Frjentsjer. Ferstjerren 1848.
18. Boargerlike Stân Frjentsjerteradiel. Ferstjerren 1848.
19. Argyf fan de herfoarme tsjerke fan Tsjom ynv. nr. 1.
20. Boargerlike Stân Frjentsjer. Geboarten en Ferstjerren 1850.

21. P. Breuker e.o. *De fiifde woansdei*. 150 jier PC. Franeker, 2003, s. 264.

22. *De fiifde woansdei*, s. 52.

23. In moai foarbyld is keatsferiening Jacob Klaver út Mantgum. De feriening neamde har nei dy PC-winner fan 1876 en keas him by de oprjochting yn 1902 fuortendaliks as earste foarsitter.

24. Rients Koopmans troude mei Janke Johannes Gerkema (20-5-1869 yn Barradiel) In famyljereలాasje mei de mem fan Bote Bruinsma ha ik net fûn.

25. Tresoar. Argyf fan de herfoarme tsjerke fan Frjentsjer ynv. nr. 4.

26. “Heeft zich alhier uit Franekeradeel met den woon gevestigd den 4 november 1848.

Was aldaar bij K.B. d.d. 9 mei 1840 benoemd tot 2de luitenant bij de schutterij. Bij K.B. d.d. 10-3-1841 tot 1ste luitenant. Den 17 april 1862 ontslagen wegens een leeftijd ouder dan 34 jaar”. Ledenlijst Schutterij ynv. nr. 5281 (Gemeenteargyf Frjentsjer).

27. Sjoch [www.PC-franeker.nl](http://www.PC-franeker.nl)

28. Skriftlike meidieling fan D. Zwart, gemeenteargyf It Bilt.

29. P. Bloembergen e.o. *Kaatsen in St. Annaparochie. Meer dan honderd jaar*. St. Annaparochy, 1999. s. 16.

30. Boargerlike Stân Ljouwert. Ferstjerren 1916.

31. *Kaatsen in St. Annaparochie*, s. 36.

32. Johannes Botes Bruinsma troude op 24-10-1864 yn Barradiel mei Sybrigje Leenderts Tichelaar. Hja krigen trije famkes (ien jong ferstoarn) en ien soan, Bote. Hy is berne yn Minnertsgea op 16 febrewaris 1867. Boargerlike Stân Barradiel. Houliken 1864. Geboarten 1865, 1867, 1868 en 1870.

33. Sjoch [www.PC-franeker.nl](http://www.PC-franeker.nl)

34. Idem.

35. Dienstbodenregister Marsum 1889. Gemeente-argyf Menameradiel.

36. *Franeker Courant*, 2 augustus 1889.

37. Sjoch [www.tresoar.nl](http://www.tresoar.nl). Sjoch it bestân “Landverhuizers”.

Doe’t Bote emigrearre, wie hy ynwenner fan St. Anne. Yn it befolkingsregister stiet “Vertrokken naar de VS met onbekende bestemming.” Befolkingsregister St. Anne.

38. Mei tank oan Miss Wilma vanden Berg.

# Stambeam Bote Gosses Bruinsma

